

LUKAS 6, 27-36

Dokkum, 31 oktober 2004,

Gemeente fan de Hear,

Kear him dy't jo op it iene wang slacht, ek it oare wang ta.

In bekend wurd fan Jezus.

Kear him dy't dy op it iene wang slacht ek it oare ta.

Jezus seit it tsjin syn learlingen en tsin in mannichte minsken dy't nei him harkje.

Wat wol Jezus us leare?

De oare wang takeare as jo al slein binne?

Leaver net, is myn earste reaksje.

Ik kom op dizze tekst troch in utstjoering fan de hindoeïstische omrop, Ferline wyke snein ferkleare in wize hindoe-geestlike dit wurd fan Jezus as folgt: Immen de oare wang takeare dat betsjut dat jo de kant fan de minsklikheid sjen doare te litten.

En dizze utliz sette my oan it tinken.

As ik slein wurd, letterlik of figuerlik, dan moat ik de oare wang takeare en dat is dat ik de minskwaardigens sjen litte mei.

Ik fyn it wol in moaie utliz. As ik tink oan it sinleas geweld by us opé dyk, dan is der grut ferlet fan minskwaardigens en respekt en dan meie wy as kristenen der wol pioniers yn weze: Ik mien ek dat it de wichtigste taak is fan in Kristen: De waardigheid fan elk minskelibben heech-halde.

De oare wang takeare. Stel dy foar dat Amerika dat dien hie nei de oanslaggen op it WTC. Tink dy ris yn dat Amerika as reaksje gjin bommen mar medisynen nei Afganistan brocht hie. Gjin mariniers mar dokters. Ik wit wol se hienen it lan net ynkomme kinnen, mar stel dy dat ris foar.

Stel dy foar dat it konflikt yn Palestina net eskaleert wie, mar dat die oare wang nog takeart wurde koe. Tink dy ris yn, dat fijannen elkoar net ferniele mar tutsje.

Wy minsken binne slaven fan de waansin as it giet om oarloch en fernieling. Juster noch seach ik in utsjoering oer de befrijding fan Breda troch Poalske soldaten. Der waard fertelt dat de Poalen uteindelijk nei Willems haven trochgongen binne en der ha de Dutsers kapituleert yn maaie 45. Mar by dy kapitulaasje waard ofsprutsen dat der noch tot 8 oere de oare moarns sketten wurde mocht.

Kear de oare wang ta, dat is, lit de minsklike kant sjen.

Der sit wol wat yn. Der kinne wy wol wat mei as kristenen.

Mar krekt earder yn Lukas 6 stiet in opdracht fan Jezus dy't dreecher is: Haw jim fijannen leaf, seit Jezus.

En Jezus sil dizze opdracht nochris herhelje, in pear fersen letter: Haw jim fijannen leaf, en doch harren goed.

Wy sizze dan: Dat kin net. Dyn fijan leafhawwe, dat kinst net fan minsken freegje. Dat sizze wy.

Mar as God it us oanseit, wat sizze wy dan?

Lit us earst ris sjen yn hokker kontekst dizze opdracht stiet.
Lukas 6 giet yn syn gehiel oer de fraach: Hoe kin ik in goed minske weze.
It begjint mei it ieren plukken op de sabbar.
Dan folget de genezing fan de man mei in ferskronfele han.
Dan wurde de tolve learlingen roppen.
Dan folget de taspraak fan Jezus mei dy wurden haw dyn fijan leaf en kear him de oare wang ta.
Dan it ferhaal fan de balk en de splinter.
Dan de beam mei goede en minne fruchten
En dan eindigt dit haadstik mei it hus dat bouwt is op goede grun.

Hjir stiet de fraach sintraal: Hoe bin ik in goed minskebern foar God en foar myn neiste?

Haw dyn fijan leaf.
Betink earst ris hwa't dyn fijan is.
Is it in oar minsk? Of binne dyn eigen eigenaardigheden dyn grutste fijannen?
Is God dyn fijan, omdast it gefoel hast dat God in boeman is?
Hwa is dyn fijan? Is it de sykte dys't drage moast?
Of is it it libben sels?
Hwa is myn fijan?

As ik it foar mysels sizze mei: Myn grutste fijannen binne tink ik myn eigen gedachten. Gedachten fan minderwaardichens oer mysels, gedachten fan it nutteleaze fan dit libben, gedachten fan iensumens en sinleazens der't ik mysels graach yn omwuolje.

Leave God hoe kin ik myn fijan leafhawwe?
Der is tink ik mar ien wei, de wei dy't Jezus giet.
Myn fijan leafhawwe kin allinich mar as ik bereid bin om fan myn fijanbyld of te stappen!

Ik kin myn fijan leafhawwe, want sadra't ik dat doch dan is it gjin fijan mear!

Sjoch mar nei Jezus. Hie Jezus fijannen?
Jezus soe sels sizze fan net.
It efangeelje sprekt wol fan Jezus'fijannen mar dat wol net sizze dat Jezus se as fijannen beskouwt!
Jezus hat gjin fijannen, mar der binne wol minsken dy't Him fijandich binne.

Mar dat is in wichtich ferskil.

Kin ik miskien ek sa nei it libben sjen?
Krekt as Jezus?

Duor ik te sizzen: Ik haw gjin fijannen. En as der minsken binne dy't mei fijandich binne dan sil ik besykje se mei leafde yn'e mjitte te kommen.

Dat is de wei om in goed minske te wezen.

De fraach is dus: Duor ik fan myn fijanbylden of te stappen?
Duor ik in sykte of in negatieve gedachte te sjen as in object fan leafde yn stee fan in fijan?

Dit freget in radikale omskeakeling yn us tinken in radikale omskeakeling yn de wize werop wy nei it libben sjogge.

Duor ik in familielid der't ik it min mei fyne kin, of in collega dy't my beslist net leit te sjen as in meiminske der't ik myn leafde nei utstjoere mei?

As elk minske sa yn it libben stean soe, dan soe de wrald radikaal feroarje.
Der bin ik wis fan. Dan soe de wrald wier in grutte stap sette nei it Keninkryk.

Dizze radikale feroaring fan de wrald begjint by dy en my!
It begjint lyts.

Jezus joech dizze opdracht oan tolve learlingen, om de opdracht in goede kans te jaan.

Eltse dei meie wy dizze stap sette sa faak as mooglik: Stjoer dyn leafde ut nei dyn fijannen. Wy sille fiele hoe radikaal oars wy yn dit libben steane.

Sa kinne wy Jezus folgje.

Faaks duorre wy dit net vanwege de gefolgen.

Jezus syn learlingen seachen der tsjinoan om dizze geboaden te dwaan, want as ik samar myn fijannen leafhawwen gean, dan wurd ik utlake en bespotte.

Wy binne faaks bang foar wat us oerkomme sil, en dan duorre wy net mear Gods wie te gean.

Mar ek us eigen angst is in fijan dy't wy leafhawwe meie.

Miskien begjint it der wol. Duor ik myn angst te genezen troch leafde?

Duor ik te libjen ut fertrouwen?

Nee, wy moatte net te bang weze foar de gefolgen fan us leafdedieden, gemeente.

Want as wy it goede foarbyld jouwe dan sille wy sjen dat oaren it ek duorre.

Earst sille minsken skrikke, mar al gau sille minsken sizze, ja, dat is de goede wei.

Der is noch ien betinkst dy't jimme ynbringe kinne: Stel dat de fijan in echte fijan is, stel dast yn in libben-op-dea situaasje bist, en dyn libben wurd bedrige. Moatte wy dan ek leafhawwe? Kin dat?

Ast it oan de Poalske feteranen freegest dy sille sizze: Wy moasten werom sjitte.
As dyn libben bedrige wurd dan besykst om dyn libben te redden, fansels.

Mar ik duor te sizzen dat de oarloch sels in folle gruttere fijan is as de soldaten fan de tsjinstander.

It hiele idee fan oarloch is folle gefaarliker as de aksje op it fjild.

En sa is it ek as der fijanskip yn de famylje is. Hoe faak komt dat net foar. Dat de ien de oar net sjen ken, om in ruzje, om in jiltkwestie, om ald sear dat boppe helle wurd.

By fijanskip yn de famylje binne de ferwyten folle gefaarliker as de beroerde gesichten by in jierdei.

Wat binne de fijannen yn us hjoeddeiske maatskippij.

In grutte fijan is dat we elkoar net mear fertrouwe, mar begjinne by it wantrouwen.
In fijan yn us maatskippij is it gefoel dat elkoar oanprate dat elk himsels mar redde moat.

In fijan yn us maatskippij is dat wy fierstente min omtinke oan de meast kwetsberren.
En gjin samar fierder.

Kear dyn fijan de oare wang ta, dat is, lit dy altyd fan de waarme kant sjen, duor sjen te litten dat minskweardichens folle wichtiger is as gelyk krije wolle.

De oare wang takeare is in died fan grutte leafde. Gjinn ien jowt de garansje dast op dy wang ek net slein wurde silst. Mar hald fo!, want respekt moat it winne fan aggresje.

It is bisunder: It wurd "wang" komt mar 5 kear foar yn é bibel.

Yn de kleilieten stiet it fers dat Jezus hjir siteert: Lit him it wang keare dy't nei him slacht. En yn Jesaja sprekt de profeet oer de wang dy sa hurd wurd as in stien, as teken fan trochsetten.

We fyne de wang yn it Heechliet. Der sjocht de breugeman oan de wangen fan syn freondinne hoe grut de leafde is, yn Heechliet 1 fers 10.

Mar boppe-al is de wang it plak der't us triennen sichtber wurde. Kleilieten 1 fers 2:
Bitter skriemt hja yn é nacht, de triennen rinne har oer de wangen.

De wang is de sefte undergroun fan us fertriet.

Gemeente, as wy it fertriet fan dizze wrald sjen duorre te litten, as wy us kwetsber meitsje duorre, dan sette wy earste en wichtige stappen op it paad fan it keninkryk.

Ik haw gjin fijannen, neffens my.

En ik mei besykje om leafde te jaan oan wat ik as fijan erfaar.

Dan libje ik tichter by God. Dan libje wy tichter by elkoar.

Mei dit efangeelje us moed jaan om sa te libjen.

AMEN